

[1643] Philippus Breuker, *De keunst as útwei. Biografy fan Simke Kloosterman (1876-1938)*. Gorredijk (2023), Bornmeer, 422 pp. ISBN 978-94-6471-079-3.

‘Wat beweecht jin by it skriuwen fan in boek?’ Dy fraach stelt Philippus Breuker yn it neiwurd fan *De keunst as útwei. Biografy fan Simke Kloosterman (1876-1938)*. It is de fraach dy’t eltse biograaf himsels stelt, en dy’t om dy reden faak yn in ynlieding of neiwurd oan ’e oarder komt. Jo binne ommers net samar jierren  
Us Wurk 73 (2024), s. 93-96; <https://doi.org/10.21827/uw.73.93-96>

yngemand dwaande mei ien dy't jo net persoanlik kend ha. Jo tinke (of hoopje) dat syn of har libbensferhaal ek foar oaren no noch betsjutting ha kin, en besykje immen rjocht te dwaan troch sa goed mooglik út te sykjen wêrom't dyjinge die wat er die. Mar it begjint altyd mei in boppewenstige ynteresse yn de persoan en syn of har wurk.

Ik wit noch dat ik mei in jier as sechtjin, santjin de Fryske literatuer yn ús boekekast ûntdiek. It wiene benammen klassikers, útsein in lyts boekje: *As in lyts baaske* fan Anne Wadman. Dy novelle wie dalik favoryt fanwegen it oansteklike gefoel foar humor. Philippus Breuker beskriuwt hoe't er as santjinjierrige it twadde diel fan *Ut de gielgoerde* (1942) fan Simke Kloosterman yn de kast fûn. De manke-like toan fan de ferhalen, dy't er letter ek weromfûn yn it wurk fan har heit Jan Ritskes Kloosterman, trof him. Dy lêste syn wurk learde Breuker kennen doe't er him tarette op it lesjaan yn Fryske literatuer foar de Fryske akte yn 1975.

Hast 50 jier lang hat Breuker dus stúdzje makke fan it wurk fan heit en dochter, sûnder dat er dêr in soad oer publisearre hat. Wat wol it ljocht fûn mei bekend wêze. Breuker hat benammen namme makke as kenner fan it wurk fan Gysbert Japicx, dêr't er op promovearre en de Joast Halbertsma-priis foar krige (1989). Mar syn oeuvre is breder en beslacht de hiele skiednis fan de Fryske taal en kultuer, fan it ûntstean en feroarjen fan it Fryske lânskip oant en mei Postma. Breuker is de lêste jierren tige produktif en publisearret hast alle jierren in nij boek.

*De keunst as útwei* is gjin dûbelbiografy wurden, al spilet Jan Ritskes in haadrol yn ien fan 'e twa langste haadstikken. It boek is opboud út 14 haadstikken, dy't nochal ferskille yn lingte, fan 2 of 4 siden (dat jildt foar de prolooch 'Selsportret' en it haadstik 'Twivel oer in Frysk skriuwerskip') oant 60 of 100 siden ('De famylje' en 'Master op in soad wapens: Den Haag, 1914-1932'). Breuker hâldt rûchwei in kronologyske yndieling oan. Nei haadstikken oer de jeugd folgje haadstikken oer Grins (1901-1914), Den Haach (1914-1932) en Ljouwert (1932-1938), ôfwiksele mei mear ferklearjende, bygelyks oer 'De tiid' (frouljusbeweging, sosjale konflikten, literêre kultuer), 'De persoan', 'De lêzers' en 'De literêre krityk'.

Dy tematyske, mar ek wat fragmentaryske opset hat foar- en neidielen. In foardielen is dat jo de haadstikken ek los fan inoar lêze kinne. In belangryk neidielen is dat it boek in soad werhelling befettet. It is dúdlik dat de haadstikken los faninoar en ek net altyd yn 'e folchoarder fan it boek skreaun binne. Sa wurdt Douwe Kalma, neffens my sûnder mis ien fan 'e wichtichste persoanen yn it libben fan Simke Kloosterman, hiel faak op 'e nij yntrodusearre. Tagelyk komt troch de fokus op Kloosterman net goed út 'e ferve hoe't it libben fan Douwe Kalma ferrûn en wat no eins syn (kaai)posysje yn 'e Fryske literatuer west hat.

Nijsgjirrich binne de haadstikken 'De lêzers' en 'De literêre krityk'. Dy litte sjen wat Simke Kloosterman sels die om har wurk ûnder de oandacht fan de kulturrele hegerein te bringen. Sa hold se de produksje fan it measte fan har wurk yn eigen hân om't se dat net oan in útjouwer tabetroude, sette se sels advertinsjes yn lanlike kranten, bea se eksimplaren oan de keninginne oan, ûnderhannelde se mei

boekwinkels oer de prizen fan har wurk, en hannele se ek sels bestellingen ôf. Fan de ferkeap fan har wurk hold se in sekuere boekhâlding by. Se stelde har saaklik op, ta argewaasje fan guon boekferkeapers. ‘Dat wijf lijkt wel gek’, murk ien fan harren op, doe’t se oars as gebrûklik gjin koarting jaan woe. Sels hoe’t nei har dea omgien wurde moast mei werprintingen en auteursrjochten lei se fêst. Yn gjin gefal mocht Eeltsje Boates Folkertsma, dy’t in kear in aaklike resinsje fan har wurk skreaun hie, har wurk útjaan of resinsearje. De getallen litte sjen dat Kloosterman net in soad jild oerholden hat oan har boeken, mar benammen ek dat it lêzerspublyk beheind wie. En dat wylst Simke Kloosterman yn it tiidrek fan rûchwei 1921-1933 as ien fan de wichtichste skriuwers sjoen waard. It skriuwen fan Fryske literatuer wie mei oare wurden ek doe al leafdewurk.

Wa wie Simke Kloosterman? Breuker jout sels al yn it neiwurd oan dat, hoe’t er ek syn bêst dien hat om har langsten en lotgefallen te ûntriedseljen, sawol Simke as har heit foar in part ‘yntrigeartjend’ bleaun binne. *De keunst as útwei* lit sjen hoe’t Simke as famke al in opfallend talint hie foar skriuwen, sjongen en pianospyljen. Se krige as ‘wûnderbern’ in djoere oplieding, net op ’e doarpskoalle fan Twizel, mar yn Ljouwert, Grins en Apeldoorn, dat se net allinnich de bêste oplieding krige, mar ek freonen yn ’e hegere rûnten. Problematysk is dat de ferhalen dy’t Kloosterman letter oer har eigen jeugd en libben fertelt, net altyd betrouber binne. Gauris, sa lit Breuker sjen, makket se dingen moaier as dat se wiene. Goede freon Ate Wumkes hat dêroer sein: ‘..Simke Kloosterman forstie de kunst om it neiste faken net en it alderneiste nea to sizzen’. Se betocht in famyljewapen en liet in djoer portret skilderje troch in ferneamde societyskilder. Har bertejier mocht lykwols út noch yn net bekend wurde, it stiet om dy reden dan ek net op har grêf. Dat net Simke har heit, mar har pake Simke har biologyske heit west hat, sa’t Philippus Breuker as mooglikheid neamt, hie om my wol wat fierder útwurke wurde mocht. Ommers, dat soe betsjutte dat der in hiel yngewikkelde trijhoeksferhâlding bestien hawwe moat tusken heit, soan en mem. Dat smyt dalik ek in oar ljocht op it muoisume houlik fan ’e âlden.

Simke Kloosterman is gauris ferwiten, benammen troch lettere skriuwers, dat se yn har wurk wol wat mear omtinken jaan kind hie oan de problemen fan har tiid. Breuker lit sjen hoe’t se har nea útlitten hat oer de frouljusbeweging of oer de sosjale konflikten fan har tiid, wylst de earmoede yn en om Twizel hinne om 1900 hinne grut wie. Oer sosjale konflikten hie nammers grif folle mear te sizzen west as de oardel side dy’t Breuker oan dat ûnderwerp wijt. It skriuwen en lêzen fan Fryske literatuer wie ommers benammen in saak fan de midden- en hegere klasse. Om’t Breuker de kritikasters (Anne Wadman, Tiny Mulder, Trinus Riemersma bygelyks) net goed yntrodusearret en yn har eigen tiid pleatst, wurdt net dúdlik hoe’t de Fryske literatuer troch en nei de oarloch feroare en hoe’t Kloosterman al gau in stim fan it ferline waard. In wat tragyske figuer, dy’t noch mei sinten struide doe’t gjinien dat mear die.

Dat is by einsluten wol myn belangrykste beswier tsjin *Keunst as útwei*. It smyt benammen ljocht op Simke Kloosterman en har heit, mar troch de tematyske en

## US WURK LXXIII (2024), p. 96

fragmentaryske opset mar in hiel lyts bytsje op it gruttere ferhaal fan de Fryske literatuer, dêr't benammen de dochter in wichtige bydrage oan levere hat. Wa't it boek lêst en net wit wa't bygelyks Anne Wadman of Janneke Spoelstra binne, of hoe't it krekt siet mei de ferpyldering yn 'e Fryske literatuer en de literêre tydskriften yn dizze perioade, dy sil it boek grif mei de nedige argewaasje fansiden lizze. Sels fyn ik it spitich dat Breuker somtiden alles wat er fûn hat neamt, krekt as skoot er it meitsjen fan in echte seleksje troch nei takomstige ûndersikers. Dy driuw nei folsleinens is it dúdlikst yn de passazjes oer Simke har freonerûnte yn Grins, Den Haach en Ljouwert, en dy oer har heit, mei in wiidweidige beskriuwing fan 'e reizen dy't er makke om mûnen te besjen.

Dat is spitich, want it komt de lêsbere net altyd te'n goede. Boppedat bliuwe guon saken riedseftich dêr't grif in antwurd op te finen west hie. Want wêrom sette Kloosterman har eins nei wenjen yn Ljouwert, wylst se al in hûs yn Twizel hie? Dat se har dêr net rjocht feilich fiede is dúdlik, mar se keas der wol foar om dêr te stjerren en begroeven te wurden, en makke fan it hûs in museum.

*De keunst as útwei* fertelt koartsein in hiel soad al, mar ek in hiel soad net. As in earste yntroduksje ta it wurk fan Simke Kloosterman is it dêrom net oan te rieden. Foar ferfolchstúdzje kin it in kostbere boarne wêze, krekt troch de folsleinens en it byinoar bringen fan âld en noch ûnbekend nij materiaal. Ynearsten bliuwt Simke Kloosterman lykwols riedseftich en spitich genôch foar my persoanlik ek wat minder sympatyk as dat ik earst tocht hie.

*Joke Corporaal*  
*jjcorporaal@hotmail.com*